

[0179]

## SKUONMAKKER

Yn jiergong 10, nû. 2 fan "Us Wurk" hie Teake Hoekema in artikeltsje oer de namme *skuonmakker*. It like him nuver ta, dat yn 'e Fryske wurdboeken en ek yn myn list fan *Flinters, tuorren en oare ynsekten* (De Pompeblêdden 1961, s. 65) mei de *skuonmakker* bidoeld wurdt de *dagpauwoog*. (Yn 'e nijste flinterboeken hat dy de Latynske namme : *Nymphalis io.*) It is Hoekema bikend, dat mei *skuonmakker* ek de *atalanta* bidoeld wurdt. Ik leau, dat hy dêr wol gelyk oan hat. Ut 'e libbene folkstael haw ik trije ûngelikense flinters bititeljen heard mei de namme *skuonmakker*, *skuonlapper* of de forlytsingswurden dêrfan.

It wiene:

1. *Nymphalis io* (dagpauwoog)
2. *Vanessa atalanta* (atalanta)
3. *Aglais urtical* (kleine vos)

Nû. 2 hat ek noch in Fryske namme, t.w.: *nûmerflinter* en nûmer 3: *foske*.

Allinne út praktysk-biologyske reden bin ik der ta kommen om nû. 1 op 'e list to setten as *skuonmakker*.

Gau (Fr.)

*J. Boersma.*